

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 39 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Kielstra
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Nei oanlieding fan it referindum oer de Brexit is ek yn Fryslân en Nederlân wakker diskusje oer de takomst fan de EU. It is dêrby neffens de FNP fan grut belang om yn dy diskusje de feiten oer it belang fan de EU goed foar eagen te hâlden.</p> <p>Yn dat ferbân freegje wy it Kolleezje om foar de Steaten ynsichtlik te meitsjen wat it netto finansjeel belang fan de EU foar Fryslân is.</p> <p>De Steaten kinne sa'n notysje dêrnei besprekke yn it Platform Europa en/of yn in Steategearkomste.</p>
Fraach / fragen	<ul style="list-style-type: none"><li>• Is it Kolleezje ree om in notysje oan de Steaten fan Fryslân foar te lizzen mei dêryn in oersjoch fan alle finansjele revenuën/opbringsten fan de EU as sjoen wurdt nei ynkommensstipe foar de boeren, ynvestearrings as gefolch fan Interreg, Kohesyfûnsen, Leader, POP (Plattelânsûntwikkeling) ensfh. It giet dan wol om in langere perioade, bygelyks oer 10 of 20 jier. Kinne jo dêrby ek op in rychje sette watfoar majeure projekten yn Fryslân mei Europeesk jild betelle binne?</li><li>• Kinne jo yn dyselde notysje, om in goede ferliking meitsje te kinnen, in yndikaasje jaan fan de netto-bydrage per ynwenner fan Fryslân oan de EU.</li><li>• Wannear tinke jo sa'n notysje foarlizze te kinnen?</li></ul>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)  S. Posthumus
---------------	---

Datum	6 july 2016
-------	-------------